

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

# Arno Brok kommissaris fan de Kening

Jieroersjoch 2023



# Inhoud



<b>Foaropwurd</b>	<b>3</b>	<b>8   It Waadgebiet</b>	<b>21</b>
<b>1   Rykstaken en Provinsjetaken</b>	<b>4</b>	<b>9   Moetsje en ferbine</b>	<b>23</b>
<b>2   Boargemasterssaken</b>	<b>7</b>	UTLJOCHTE	
Amtsbesiten	9	Earste Ijipaaï   13 maart	25
Ombudsfunksje	9	Betinkings   4 maaie	27
<b>3   Keninklike ûnderskiedings</b>	<b>10</b>	Keninklike Besite   9 en 10 maaie	28
<b>4   Provinsjale Rezjytafel Migraasje en Yntegraasje</b>	<b>13</b>	Steatejacht   4 augustus	31
<b>5   Provinsjale Steaten en Deputearre Steaten</b>	<b>15</b>	Stilsteane by corona   29 septimber	32
<b>6   It Frysk</b>	<b>17</b>	Kultuerfûns   11 novimber	33
<b>7   ûndermining</b>	<b>19</b>	Besite BES-eilannen   12 t/m 19 novimber	34
		Rede fan Fryslân   28 novimber	35
		<b>10   Yn de media</b>	<b>36</b>
		<b>Njonkenfunksjes</b>	<b>38</b>
		<b>Ynformaasje &amp; Sosjale Media</b>	<b>39</b>

## Foaropwurd

2023 wie in bysûnder jier. Yn maart giene wy nei de stimbus foar de ferkiezings fan Provinsjale Steaten en krigen wy in nij provinsjebestjoer. Der wie sprake fan in flinke ferskowing yn it Fryske politike lânskip. Nei de fal fan it kabinet giene wy yn novimber op 'en nij nei de stimbus, no foar de Twadde Keamerferkiezings.

Beide hawwe har útwurking op it riden en farren fan ús moaie provinsje. Tink oan 'e opjeften op it mêd fan lânbou, stikstof, enerzjy, klimaat, natuer, taal en kultuer, de opfang fan flechtlingen, en ûndermining. Fraachstikken wêrby't de Fryske oerheden yn it belang fan ús moaie provinsje gearwurkje.

Dit jierferslach jout in byld fan myn wurksumheden yn it ôfrûne jier. In jier fol moaie meetings mei betsjutting mei ynwenners, bestjoerders, ûndernimmers en ferienings. Ek sjoch ik mei in soad wille werom op 'e wurkbesite fan twa dagen dat de Kening en Keninginne oan ús Waadeilannen brochten. Dy besite waard droegen troch belutsen ynwenners fan dy isolearre mienskippen. Dêrmei stiet dy besite foar my symboal foar it ôfrûne jier.

Want, hoe hâlde wy ús provinsje moai en leefber, hoe kleurje wy ús takomst yn, ekonomysk en maatskiplik. Hoe jouwe wy ús jongerein takomst en hâlde wy foarsjennings as soarch en ûnderwiis op peil. De maatskippij binne wy, mei-inoar, foar inoar, foar Fryslân, de provinsje dy't ús bynt.

It makket my tige tankber en grutsk dat ik as kommissaris fan de Kening in stientsje oan bydrage mei oan ús mienskip.

Ik winskje jo in soad lêswille!

*Drs. A.A.M. Brok, kommissaris fan de Kening yn de provinsje Fryslân*





## 1 | Rykstaken en Provinsjetaken

*“Wat docht in kommissaris fan de Kening eins?”* dy fraach waard my it ôfrûne jier ûnder oare steld troch Jimte Kuipers (8), boeresoan út Easterwierrum doe't er mei syn skoalklasse op útnûging op besite wie op it provinsjehûs.



Goeie Brok.

Ik bin Jimte Schaaustra  
 7 jier út Easterwierrum  
 Tinke ja dot ik  
 noch BOER wurde kin?  
 Graach lit ik jo  
 us Pleats ris sjen.

Kabinet-Commissaris van de Koning in Fryslân
Ingek. 15 JULI 2022
Doc. nr.

Jimte wol letter stomme graach syn heit opfolgje op de pleats, mar makket him soargen oft der noch wol takomst is foar boeren yn Fryslân, want, ommers, stikstof. Hy stjoerde my ferline jier yn in brief in needgjalp. "Bêste Brok, kin ik noch wol boer wurde? Graach lit ik jo ús pleats ris sjen. Groetnis, Jimte."

Yn de simmer fan 2022 gie ik op besite op 'e pleats fan Jimte en syn suskes. Myn boadskip: fansels is der yn Fryslân romte om boer te wurden en boer te wêzen. No wie er mei syn hiele klasse op útnûging op it provinsjehûs.

Tweintich bern yn de bankjes fan de steatlike Steateseal.

**"Kin ik noch wel boer wurde?"**

De besite fan Jimtes klasse wie ien fan de aardige mominten fan it ôfrûne jier. Fryslân is in geweldige alsidige provinsje mei in eigen taal en karakter en yn oerflak de grutste fan ús lân. Der wenje 660.000 minsken. Ferbining hâlde mei 18 gemeenten, 11 stêden en goed 400 doarpen sjoch ik as myn wichtichste taak.

Naast mijn taken hebben de Friese taal en cultuur, landbouw en het Waddengebied mijn speciale aandacht.

As Ryksorgaan advisearje ik ûnder oare by beneaming en ûntslach fan boargemasters, lis amtsbesiten ôf oan gemeenten, ûnderhâldt kontakten mei ryksfunksjonarissen yn 'e provinsje en advisearje ik de Kening oer Keninklike ûnderskiedings en predikaten. Op grûn fan myn funksje bin ik bygelyks ek foarsitter fan de Provinciale Regietafel Migratie en Integratie en foarsitter fan it Omgevingsberaad Waddengebied en foarsitter fan it Cultuurfonds Fryslân.

In kommissaris is ek foarsitter fan Provinsjale Steaten, it Fryske parlemint, en foarsitter fan it kolleazje fan Deputearre Steaten, it deistich bestjoer fan de provinsje. Yn deputearre steaten bin ik ferantwurdlik foar de portefúljes ynterbestjoerlik tafersjoch, kommunikaasje, lobby, kwaliteit fan it iepenbier bestjoer en ûndermining.




Dêrneist hawwe de Fryske taal en kultuer, lânbou en it Waadgebiet myn spesjaal omtinken. Myn stribjen is om as kommissaris boppe partijen te stean en tusken de minsken. Op polityk, bestjoerlik en maatskiplik mêd spylje ik in ferbinende rol. Ik bin graach yn kontakt mei minsken, bedriuwen en organisaasjes om op 'e hichte te bliuwen fan wat der yn Fryslân spilet fia wurkbesiten, publike optredens, it bywenjen fan sportwedstriden, eveneminten en gearkomsten. Faak op útnûging, mar sels nim ik ek geregeld it inisjatyf ta in wurkbesite of nûgje ik minsken út foar in kopke kofje of in petear op it provinsjehûs.

**Op polityk, bestjoerlik en maatskiplik mêd  
spylje ik in ferbinende rol.**

**Ik bin graach yn kontakt mei minsken,  
bedriuwen en organisaasjes**

Kontakt is der ek troch it skriuwen fan brieven mei lokwinsken oan jubilarissen en minsken dy't in bysûndere prestaasje levere hawwe. Geregeld ûntfang ik op it provinsjehûs gasten lykas lanlike en regionale politisy, ministers, steatssekretarissen, ambassadeurs en honorêr konsuls en sjoernalisten.



**MEER INFORMATIE**

**Amtsynstruksje en Provinsjewet**

De taken fan de kommissaris fan de Kening binne omskreaun yn 'e Provinsjewet en de Amtsynstruksje.

Kijk voor meer informatie op(VERTALEN):

[De Provinciewet](#)

[De Ambtsinstructie commissaris van de Koning](#)

**VERTALEN!!!**  
Regelmatig ontvang ik  
gasten zoals  
landelijke en regionale politici,  
ministers,  
staatssecretarissen,  
ambassadeurs en honorair consuls  
en journalisten.




## 2 | Boargemasterssaken

Boargemasters wurde foar in perioade fan seis jier beneamd. Wannear't in boargemaster beneamd of werbeneamd wurdt, beëdiget de kommissaris him of har.

Yn it ôfrûne jier hjitten wy yn Fryslân trije nije boargemasters wolkom. Der wiene trije werbeneamings en der waard ien waarnimmer ynstallearre. Ofskied wie der fan trije boargemasters, dêrûnder de langst sittende boargemaster fan Fryslân, Tjeerd van der Zwan.

## FERDIELING BOARGEMASTERSPPOSTEN

Per 31 december 2023



Mear ynformaasje oer boargemasterssaken  
is te finen op:  
[fryslan.frl/burgemeestersaangelegenheden](https://fryslan.frl/burgemeestersaangelegenheden)

Van der Zwan wie 12 jier boargemaster fan it Hearrenfean en dêrfoar fjouwer jier fan Achtkarspelen. Hy kin mei rjocht en reden de nestor fan de Fryske boargemasters neamd wurde. Van der Zwan waard opfolge troch âld-deputearre Avine Fokkens.

Ik betankje Van der Zwan en de oare boargemasters dy't ôfskied nimme foar harren ynset foar Fryslân.



## Beneamings (met ingang van &gt; VERTALEN)

- De hear J. Werkman, Eaststellingwerf | 17-04-2023
- De hear A.G.A. Bouwman, Opsterlân | 25-09-2023
- Frou mr. M.A. Fokkens-Kelder, it Hearrenfean | 02-10-2023

## Werbeneamings

- De hear drs. L.J. Gebben, Tytsjerksteradiel | 28-02-2023
- Frou W. van Gent, Skiermûntseach | 26-09-2023
- De hear N.L. Agricola, Dantumadiel | 01-12-2023
- **Waarnimmer:** De hear mr. R.S. Cazemier, Skylge | 2-1-2024

## Ofskied

- Frou S.E. Korthuis, Eaststellingwerf
- De hear Roolvink, Opsterlân
- De hear T.J. van der Zwan, it Hearrenfean



## AMTSBESITEN

Amtsbesiten binne offisjele besiten oan gemeenten om in byld te krijen fan hoe't de gemeenteried en it gemeentebestjoer funksjonearje en om op 'e hichte te bliuwen fan wat der yn 'e gemeente spilet. De besiten besteane út in petear mei de gemeenteried, wethâlders en de boargemaster, folge troch in mienskiplike besite oan bedriuwen of organisaasjes. De kommissaris kin befinings fia in saneamd amtsberjocht oan de minister fan Ynlânske Saken oerbringe.

Yn 2023 binne oan fiif gemeenten amtsbesiten ôflein:

- Flylân | 2 juny
- Skylge | 14 july
- Smellingerlân | 16 oktober
- Noardeast-Fryslân | 30 novimber
- Eaststellingwerf | 15 desimber

"Troch bemiddeling, advisearring of trochferwizing kin ik dochs in bydrage leverje oan it oplossen fan it skeel."

## OMBUDSFUNKSJE

De kommissaris fan de Kening hat in formele rol by bemiddeling fan bestjoerlike problemen tusken oerheden of by problemen fan ynwenners mei oerheden. It komt geregeld foar dat partikulieren oanklopje foar help of advys. Net altyd haw ik dan it foech om de kwestje sels fuortendaliks op te lossen, mar troch bemiddeling, advisearring of trochferwizing kin ik dochs in bydrage leverje oan it oplossen fan it skeel. It ôfrûne jier ûntfong ik 33 helpfragen.





### 3 | Keninklike ûnderskiedings

De kommissaris advisearret it Keninklik Hûs oer Keninklike ûnderskiedings. Ek yn it ôfrûne jier binne der wer bysûndere persoanen, bedriuwen en ynstellings en organisaasjes yn it sintsje set. De kommissaris of de boargemaster rikt de lintsjes út.

Der binne yn 2023 80 ûnderskiedings op de jierlikse lintsjedei útrikt en nochris 42 by bysûndere gelegenheden, bygelyks jubilea.

103 minsken binne beneamd ta Lid yn de Oarder fan Oranje-Nassau, 17 ta Ridder en twa ta Offisier.

Twa bedriuwen meie harren sûnt 2023 Hofleveransier neame en twa kear waard it predikaat Keninklik útrikt en fjouwer kear de Keninklike Earepinning.

### Lintjes

- Lid yn de Oarder fan Oranje-Nassau | 103
- Ridder yn de Oarder fan Oranje-Nassau | 17
- Offisier yn de Oarder fan Oranje-Nassau | 2

### Hofleveransie

Yn Fryslân is it ôfrûne jier oan twa bedriuwen it predikaat Hofleveransier ferliend. De ûndernimming en de direksje moatte in goede namme hawwe en fan ûnbesprutsen gedrach wêze. It bedriuw moat fierder op syn minst 100 jier bestean. It predikaat wordt allinich ferliend ter gelegenheid fan in bysûnder jubileum; 100, 125, 150 jier en sa fierder.

- **Van der Gang herenkleding**, Dokkum 12 april
- **Boubedriuw Lont**, Sint Anne 12 oktober

### Predikaat Keninklik

Twa bedriuwen krigen de titel Keninklik. De bedriuwsfiering moat ûnberispelik wêze en de direksje en bedriuw fan goede naam en faam. De ûndernimming moat hûndert jier bestean en lanlik ta de absolúte top fan har sektor hearre.

- **HZPC Holland**, De Jouwer, 27 febrewaris
- **It Frysk Boun om Utens**, Rijswijk, 16 septimber

De ûndernimming en de direksje  
moatte in goede namme hawwe en fan  
ûnbesprutsen gedrach wêze.



### Keninklike Earepenning

In Keninklike Earepenning is in ûnderskieding foar ferienings en ynstellings dy't op syn minst 50 jier (of in mearfâld fan 25 jier) bestean.

- **Fuotbalferiening Aldeboarn**, it Hearrenfean, 30 maart
- **Feriening fan Folksfermaken Ysbrechtum**, 25 augustus
- **Harmony**, Weidum, 25 septimber
- **Kristlike Muzykferiening Excelsior**, Burchwert, 22 maaie

### Kommissarispinning

De Kommissarispinning is in provinsjale ûnderskieding dy't de kommissaris fan de Kening by hege útsûndering sels takent. Kritearia om yn oanmerking te kommen binne in jierrenlange, mei hert en siel toande belutsenens by de provinsje en in persoanlike bân en it amt. De kfdK rikt de pinning út op in iepenbiere gearkomste. It is oan de kommissaris om te bepalen hoe faak en oan wa't hy de pinning takent.



- Op 29 novimber ûntfong **Hans Boekhoven** de pinning. Boekhoven is âld-boargemaster en nei syn pensjonearring maatskiplik aktyf, ûnder oare as foarsitter fan de Molenstichting Súdwest Fryslân. Boekhoven krige de blyk fan wurdearring foar syn jierrenlange ynset foar it behâld fan kultureel histoarysk erfgoed.
- Op 25 maaie rikte ik de pinning út oan **Ruud de Jong** by syn ôfskied as direkteur-sekretaris (2020 -2023) fan it Omgevingsberaad Waddengebied, dêr't ik foarsitter fan bin. De Jong hat 40 jier by de provinsje wurke.

Ik rikte de pinning yn myn perioade ien kear earder út. Dat wie yn 2019 oan de boeierkommisje fan de Keninklike Sylferiening Oostergoo by gelegenheid fan de fiering fan de 65ste jierdei fan de oerdracht fan it steatejacht Friso troch de boeierkommisje oan it provinsjebestjoer. Koninklijke Zeilvereeniging Oostergoo waard yn 1848 oprjochte en is de âldste sylferiening fan ús lân.



#### MEER INFORMATIE

Mear witte oer Keninklike ûnderskiedings of hoe't je immen foardrage kinne?  
Sjoch foar mear ynformaasje op: [lintjes.nl/](http://lintjes.nl/)



#### 4 | Provinsjale Rezjytafel Migraasje en Yntegraasje

De opfang en húsfersting fan flechtlingen is in aktueel fraachstik. Troch ferskate krisissen op 'e wrâld giet it tal minsken dat yn Nederlân in feilich hinnekommen siket omheech. Ek Fryske gemeenten nimme harren ferantwurdlikheid om asylsikers op te fangen en te húsferstjen. It is hertferwaarmjend om te sjen hoe't partikulieren harren frijwillich ynsette op opfanglokaasjes of ûntfermje oer minsken dy't op 'e flecht binne foar oarloch, geweld en ûnderdrukking.

As kommissaris haw ik op grûn fan myn Rykstaak in rol as foarsitter fan de Provinciale Regietafel Migratie en Integratie, de PRT. Yn dat oerlis wurdt de opfang en húsfêsting koördinearre. Oan it oerlis nimme diel de boargemasters fan alle gemeenten, it ministearje fan Justysje en Feiligens, it Centraal Orgaan Opvang Asielzoekers (COA) en de deputearre Wenjen, dy lêste fanwegen de provinsjale belutsenens by de húsfêsting fan statushâlders. Ynset fan de Rezjytafel is om de regionale gearwurking te befoarderjen en it lanlik belied út te fieren. De Regietafel hat yn 2023 fjouwer kear byinoar west.

Alle 18 Fryske gemeenten binne yn begjinsel ree om in bydrage te leverjen oan de opfang en húsfêsting fan flechtlingen en statushâlders. It regeljen fan opfang en húsfêsting is net maklik. Net alle lokaasjes binne geskikt. Omjouwingsfaktoaren, lykas tagong ta en oanwêzigheid fan foarsjennings as ûnderwiis en soarch yn 'e heine omkriten binne bygelyks fan grutte ynfloed op de realisasje. De Waadeilannen binne fanwegen harren isolearre lizzing en lytse mienskippen ree om lytsskalige opfang te realisearjen, mar dat hat wer finansjele en praktyske tûkelteammen foar it COA.


Niet elke locatie is geschikt.

Omgevingsfactoren, zoals de toegang en nabijheid tot voorzieningen als onderwijs en zorg zijn bijvoorbeeld van grote invloed op de realisatie

### Aantal opvangplekken per gemeente

Vertalen

Stân fan saken 31 desimber 2023





## 5 | Provinsjale Steaten en Deputearre Steaten

Op 15 maart wiene der Provinsjale Steateferkiezings. De BBB dy 't foar it earst meidie waard yn ien klap de grutste partij mei 14 sitten. De opkomst wie heger as by de Steateferkiezings fan 2019.




Opkomstpersintaazje ferkieziings 2023



Gearstalling fan 'e nije Provinsjale Steaten:

Tal sitten: 43 | Tal fraksjes: 14



Mei in trochsneed âldens fan 37,5 jier  
it jongste kolleezje fan us lân

Nij kolleezje fan Deputearre Steaten

In nij parlemint betsjut ek in nije gearstalling fan it kolleezje fan Deputearre Steaten. Mei in trochsneed âldens fan 37,5 jier it jongste kolleezje fan Nederlân.



Nij kolleezje

vlnr: Matthijs de Vries, Friso Douwstra, Eke Folkerts, Arno Brok, Femke Wiersma, Sijbe Knol, secretaris-directeur Jelmer Algra.

ôfskiednimmende deputearren

vlnr. Sietske Poepjes, Klaas Fokkinga, Avine Fokkens-Kelder, Douwe Hoogland


MEER INFORMATIE

Mear witte oer Provinsjale Steaten, yn kontakt komme mei Steateleden of in gearkomste bywenje? [Sjoch: www.fryslan.frl/ps](http://www.fryslan.frl/ps)

De beslúten fan Deputearre Steaten wurde tiisdeitemidje bekindmakke yn in parsepetear. Dizze is fia in live-stream te folgjen en werom te sjen fia:

[www.fryslan.frl/persgesprek](http://www.fryslan.frl/persgesprek)





## 6 | It Frysk

It Frysk is de offisjele twadde Rykstaal, drager fan de Fryske identiteit en de earste taal fan de provinsjale organisaasje. It stimulearjen fan it Frysk is ien fan myn spearpunten. De Fryske taal moatte wy koesterje.

It Frysk is de memmetaal fan mear as de helte fan alle ynweners en wurdt yn it deistich libben folop brûkt. Yn de supermerk, op skoalle, by de dokter, yn de winkel, op sportfjilden; oeral komt it Frysk tsjin. It is de taal fan thús, de taal fan it hert.

Wy moatte sunich wêze op ús taal. It moat gewoan wêze om de eigen taal te praten, wêr en wannear dan ek

Op 12 oktober naam ik diel oan it Rûnetafelpetear yn Den Haach oer de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Dêryn lizze Ryk en provinsje mei-inoar ôfspraken fêst oer it Frysk. It giet dan om de posysje fan de taal yn it ûnderwiis, it bestjoerlik ferkear en de rjochtspraak. Deputearre Folkerts is lûker fan de BFTK.

Oan it petear diene politisy, amtners en fertsjintwurdigers fan Fryske organisaasjes, lykas de Fryske Akademy, Tresoar, it advysorgaan DINGtiid en Omrop Fryslân mei. Hja giene mei-inoar yn petear oer de fersterking fan de posysje fan de taal.

De Fryske taal freget permanint omtinken. Wy moatte sunich wêze op ús taal. It moat gewoan wêze om de eigen taal te praten, wêr en wannear dan ek. Yn Europa binne goed 60 regio's dêr't sprake is fan in minderheidstaal. Fryslân stiet yn ferbining mei dy gebieten.

It stimulearjen fan it Frysk is ien fan myn spearpunten. De Fryske taal moatte wy koesterje



#### MEAR YNFORMAASJE

Mear ynformaasje oer it Bestjoersakkoart Fryske taal en Kultuer fine jo hjir:

[www.fryslan.frl/bestjoersofspraak-fryske-taal-en-kultuer](http://www.fryslan.frl/bestjoersofspraak-fryske-taal-en-kultuer)

Lit ús in hûs fan leafde bouwe  
mei muorren fan begryp  
en in dak fan fertrouwen  
en in hiem om te sintsjen  
en keamers,  
keamers  
om yn te ferdwinen  
elkoarren te sykjen  
elkoarren te finen.

Tsjits Peanstra  
winte rjocht.frl



## 7 | Ûndermining

Undermining stiet heech op 'e provinsjale aginda en is ûnderdiel fan myn portefúlje. It ôfrûne jier binne der wer stappen set yn de oanpak fan dizze foarm fan kriminaliteit wêrby't ûnder- en boppewrâld fermongen reitsje. Provinsje, gemeenten, Wetterskip en oare organisaasjes lûke yn Fryslân mei-inoar op om it ferskynsel de kop yn te drukken. Dat is needsaak.

Undermining docht him ek foar yn Fryslân. Dêr meie wy net nayf yn wêze. Op 10 novimber waard yn it gebou fan RUG Campus Fryslân de fjirde ûnderminingskonferinsje organisearre. Dy jierlikse konferinsje is in inisjatyf fan de provinsje en de Fryske gemeenten, feriene yn de VFG, de Feriening fan Fryske gemeenten, fan 't jier foar it earst ek yn gearwurking mei it bedriuwslibben, fia it Platform Veilig Ondernemen Noord-Nederland.

Tegearre mei de foarsitter fan de Feriening Fryske Gemeenten, boargemaster Veenstra, wie ik gasthear. It útwikseljen fan ekspertize en dielen fan ûnderfinings stie foarop. Oanwêzich wiene Fryske bestjoerders, lanlike eksperts, ûndernimmers en studinten.

De konferinsje wie grutter en breder fan opset as de foarige edysjes mei ûnder oare workshops en tal fan saakkundige sprekkers. De belangstelling wie grut. De doelgroep waard ferbrede troch studinten en ûndernimmers út te nûgjen. Ek yn 2024 stiet wer in ûnderminingskonferinsje op de planning.

Undermining is in 'veelkoppig monster'. It Fryske plattelân biedt kânsen foar kriminelen. Tink oan drugs-laboratoaria yn leechsteande pleatsen, yllegale aktiviteiten yn seehavens en fakânsjeparken en it wytmaskjen fan krimineel ferkrigen jild fia ûnreplik goed transaksjes. Ek fia it oanfreegjen fan fergunnings en fia it yntimidearjen en bedriigjen fan amtners en bestjoerders besykje kriminelen misbrûk te meitsjen fan ús maatskippij. Dêrtroch wurdt ús rjochtssteat en dêrmei de betrouberens fan de oerheid oantaast.

**It Fryske plattelân biedt kânsen foar kriminelen.  
Tink oan drugs-laboratoaria yn leechsteande pleatsen,  
yllegale aktiviteiten yn seehavens en fakânsjeparken**

**De gearwurking tusken de Fryske oerheden yntinsivearre.  
Sa moat it wetterbêd-effekt, dat kriminelen fan de iene gemeente  
nei de oare hippe, foarkommen wurde.**

De bewustwurding en de striidberens by de Fryske oerheden nimt ta. De provinsjale organisaasje hat yn it ôfrûne jier ynset op it striidberder meitsjen fan de eigen organisaasje tsjin ynfloed fan kriminelen en de útfiering fan de Wet BIBOB, de wet Bevordering Integriteitsbeoordelen door het Openbaar Bestuur. Dy wet jout oerheidsinstânsjes de mooglikheid om de eftergrûn fan bedriuwen en persoanen dêr't se saken mei dogge, te screenen. Sa kin misbrûk fan fergunnings en subsydzjes foarkommen wurde.

Fierder is ynvestearre yn it fergrutsjen fan de bewustwurding yn de eigen organisaasje. Foar de meiwurkers fan Provinsjale Wettersteat waard in bewustwurdingsdei organisearre wêrtroch't se better by steat binne fertochte situaasjes yn it bûtengebiet te sinjlearjen. Us minsken fan Provinsjale Wettersteat binne alle dagen op 'e dyk en op it wetter en se binne dêrmei ús earen en eagen op it plattelân.

Dêrneist is de gearwurking tusken de Fryske oerheden yntinsivearre. Boargemaster Brouwer fan Achtkarspelen en Waanders fan Waadhoeke binne de bestjoerlike oantruners fan De Friese Noarm, wêrby't Fryske oerheden ûnderminingsbelied op inoar ôfstimme. Sa moat it wetterbêd-effekt, dat kriminelen fan de iene gemeente nei de oare hippe, foarkommen wurde.

It ministearje fan Ynlânske Saken stipe de provinsjale oanpak fan ûndermining yn 2022 mei 400.000 euro. Yn 2023 waard in bedrach fan 75.000 euro tasein.

De ynspanningen binne needsaak en wurde it kommende jier ûnfermindere trochset. Bestriding fan ûndermining is in opdracht foar alle oerheden yn gearwurking mei partijen as plysje, justysje, dûane, de belestingstjinst, definsje, ferskate ministearjes en it Riec, it Regionaal Ynformaasje- en Ekspertize Sintrum.



## 8 | It Waadgebiet

De Waadsee is it grutste trochrinnende natuergebiet fan West-Europa en it grutste tijgebiet fan de wrâld. It is fan grut belang om dat unike en kwetsbere UNESCO-Wrâlderfguod goed te beskermjen. Tagelyk wurdt der yn it gebiet wenne, wurke, rekreäarre. It is sykjen nei in duorsume balâns.

De Waadsee is it grutste trochrinnende natuergebiet fan West-Europa en it grutste tijgebiet fan de wrâld. It is fan grut belang om dat unike en kwetsbere UNESCO-Wrâlderfgoed goed te beskermjen. Tagelyk wurdt der yn it gebiet wenne, wurke, rekrearre. It is sykjen nei in duorsume balâns.

Yn 2019 bin ik troch it regear frege foarsitter te wurden fan it Omgevingsberaad Waddengebiet in advysorgaan as ûnderdiel fan de nije bestjoerlike struktuer, om ôfstimming oangeande belied en behear fan it Waadgebiet effektiver en minder kompleks te meitsjen.

Yn it Omgevingsberaad treffe oerheden, maatskiplike organisaasjes, sektoaren en wittenskip inoar. It beried jout advys, agindearret tema's, draacht oplossingen oan, beynfloedet beliedsfoarming en bringt partijen byinoar. Ek yn it ôfrûne jier is it Omgevingsberaad wer in pear kear byinoar kaam mei as hichtepunt op 26 juny de jierlikse 'Toogdag voor de Wadden', de dei dy't it Waadfûns en it Omgevingsberaad Waddengebied alle jierren mei-inoar organisearje.

Yn it ôfrûne jier wie de konferinsje yn Den Helder mei as tema Energiek Waddengebied. In dei fol presintaasjes, pitches, paneldiskusjes en netwurkje. Oanwêzich wiene ek de ministers Van der Wal fan Natuer en Stikstof, Harbers fan Ynfrastruktuer en Wettersteat en Jetten fan Klimaat en Energij. Se binne op ynhâld belutsen by it Waadgebiet en binne ree om de yngewikkelde problematyk yn 'e mande mei de regio op te pakken en ta in oplossing te bringen.

De Aginda foar it Waadgebiet 2050, de mienskiplike aginda fan oerheden en maatskiplike partijen foarmet de paadwizer fan de advizen fan it Omjouwingsberied.

Ynset is in feilich, fitaal en fearkrêftich Waadgebiet:

- Feilich trochdat op 'e tiid antispearre wurdt op de gefolgen fan klimaatferoaring en seespegelstiging;
- Fitaal trochdat wenjen, wurkjen, ûnderwiis en soarch mooglik bliuwe, op de eilannen en lâns de kust, en trochdat ekonomyske sektoaren útbinke yn de kontekst fan Wrâlderfgoed Waadsee;
- Fearkrêftich trochdat robúste natuer en it lânskip fan wrâldklasse de effekten fan klimaatferoaring, duorsum gebrûk en nije ûntjouwings opfange kinne.

It ôfrûne jier hat my realisearje litten dat wy mei-inoar op 'e goede wei binne. It jout betrouwen foar de takomst. In takomst wêrby't dat wat bynt sintraal stiet, yn stee fan dat wat skiedt, yn it belang fan it foar ús allegear sa leave en unike UNESCO-Wrâlderfgoed.



#### MEAR YNFORMAASJE

Mear ynformaasje oer It Waad em de Agenda 2050 sjoch:  
[www.waddenzee.nl](http://www.waddenzee.nl)



## 9 | Moetsje en ferbine

In belangrike taak is om tagonklik te wêzen en yn kontakt te stean mei de ynwenners fan de provinsje. Ik haw yn 2023 tsientallen besiten oan bedriuwen, organisaasjes en inisjativen brocht, boeken yn ûntfangst nommen of lêzings jûn. Faak op útnûging, mar ik nim ek sels de foarstap foar in besite of nûgje minsken op it provinsjehûs út. Sa besykje ik myn ferbinende rol yn de mienskip ynfolling te jaan.

Oersjoch aktiviteiten

JANNEWARIS



▲ KFPS Hynstekeuring, Ljouwert –



◀ Wurkbesite oan bedriuw Horses 2 Fly, Jistrum

– Untfangst ambassadeur Eastenryk, provinsjehûs

– Gearkomste jongerein en polityk (sprekke), provinsjehûs

- 7 – Iepening G-kuorbal kampioenskip Noard Nederlân, Ljouwert
- 12 – Gearkomste Business Breakfast Club, sjek oan Ronald McDonaldhuis oerlangje, Beetstersweach
- 14
- 17 – Wurkbesite oan Tresoar, Ljouwert  
– Nijjiersûntfangst Kening en Keninginne
- 18
- 20 – Wurkbesite oan Adema Architecten, Dokkum  
– Untfangst delegaasje European Free Alliance, provinsjehûs
- 26



FEBRUARI

– Bezoek aan carnaval, Sneek – 19

– Werkbezoek aan basisschool Westermanschool, samen met Onderwijsminister Wiersma, Joure – 20



– Oudenrensoos – 23  
– Terkaple-Akmarijp-Goingarijp, Terkaple

– Opening Lagerhuisdebat BNNVARA, provinciehuis  
– Bezoek aan vluchtelingen uit Oekraïne, opvanglocatie Oer't Hout, Grou

– 24 – Ontvangst Permanente vertegenwoordiger Nederland bij Europese Unie ambassadeur Robert de Groot, Harlingen





▲ **Wurkbesite oan Museum Dr888, – Drachten**

▼ **epening krúswei-kuier, Snits –**



Serviceklup Weststellingwerf (sprekke), – Wolvegea

## MAART

7

– Moeting mei âld-steateleden Feriening Ald Steateleden Fryslân, provinsjehûs

8

9

– Ondertekening Samenwerkingsagenda mei de gemeente Ljouwert, Ljouwert

10

13

– **SJOCH ÚTLJOCHTE**  
Huldiging finer earste Ijpaai, provinsjehûs

– Iepening jongereindebate Perspeksjef, Christen Unie, provinsjehûs

– Utrikking trofee útferkiezing Bêste Steatelid oan Hetty Jansen (ferkiezing is inisjatyf fan it Friesch Dagblad), provinsjehûs

15

– Provinsjale Steateferkiezings / Wetterskipsferkiezings, toer by Fryske gemeenten del mei dykgraaf Kroon.

21

13

### UTLJOCHTE | Huldiging finer earste Ijpaai, provinsjehûs

Op 13 maart waard de finer fan it earste Ijpaai, Anne Wind fan Penjum, huldige yn de steatesaal. Wind fûn it earste Ijpaai by Skarsterbrêge. Hy krige it finerslean fan 15 euro, in oarkonde en de sulveren Ijip útrikt yn bywêzen fan boargemaster Veenstra fan De Fryske Marren en deputearre Natuer Hoogland.

De útrikking is altyd yn gearwurking mei it Bûn fan Fryske Fûgelwachten, it BFVW. By it BFVW binne 100 lokale fûgelwachten oansletten. Mei-elkoar hawwe sy mear as 17.500 leden en binne der 3500 frijwilligers aktyf, ûnder oare by de neisoarch.

Sy monitoare en beskermje greidefûgels. Kwa tal frijwilligers, oantallen beskerme fûgels en de grutte fan it areaal is it BFVW de grutste greidefûgelbeskermingsorganisaasje fan it lân.

It aaisykjen is oan strange regels bûn. It is ien fan de tradysjes yn ús provinsje. It sykjen is keppele oan neisoarch, wêrby't yn it briedseizoen de nêsten fan de fûgels beskerme wurde troch de frijwilligers fan de fûgelwachten. De útrikking fan de Sulveren Ijip is alle jierren wer in hichtepunt foar my.



Mear witte oer fûgelbeskerming? Sjoch: [friezevogelwachten.nl](http://friezevogelwachten.nl)

APRIL

**1** - Jubileumfiering 50 jier Feriening Bêd en Brochje, Poppenwier

Yn petear mei omwenners fleanbasis – Ljouwert mei steatssekretaris fan Definsje Van der Maat, Marsum

**3**

**4** - Algemiene Ledegearkomste Feriening Fryske Gemeenten, Snits

Fiering 40 jier Ynstrumintale Muzikale Foarming basisûnderwiis Opsterlân, De Gordyk

**5**

**6** – Bywenje The Passion, Harns

Feestlike weriepening restaurearre – Martinitsjerke (sprekke), Snits

**10**



**23**

Wurkbesite by molkkontrôle Nijlân, Nijlân

**24**

– Presintaasje nij skilderij Faeröerske skilder Mikines troch museum Belvédère, Oranjewâld

**25**

– Nei optreden fan de Fryske band Baldrs Draumar en Hamradun fan de Faeroër eilannen (sprekke), Nes (Noardeast-Fryslân)

**30**

– Galadiner Club Diplomatique Fryslân, Ljouwert

**31**

– **Untfangst skoalklasse iepenbiere basisskoalle De Fôlefinne út Easterwierrum, provinsjehûs**



Iepening nijbou ROC Firda – MBO-soarchoplieding by sikehûs Nij Smellinghe, Drachten



MAAIE

3 – Untfangst ambassadeur Israel, provinsjehûs

4 – Iepening kuierbeleeftocht wapendropping, De Tynjee

– **SJOCH ÚTLJOCHE**  
Deadebetinking, Akkrum



4 **UTLJOCHE | Betinking 4 maaie en Ynje betinking**

**4 maaie betinking**

De 4 maaie betinking is alle jierren wer bysûnder. In dei fan besinning en stiltean by de betsjutting fan frijheid. Fan 't jier wie ik te gast by de 4 maaie betinking yn Akkrum. Sûnt trije jier wenje ik op útnûging fan in lokaal komitee yn in oare gemeente in lokale 4 maaie betinking by. Yn 2020 wie dat op Skiermûntseach en yn 2022 yn Sumar.

Fryslân telt 326 oarlochsmonuminten. Hast alle doarpen yn Fryslân hawwe der ien, leafdefol ûnderhâlden troch skoalbern of doarpsbewenners.

Ien kear yn de fiif jier sprek ik op de provinsjale deadebetinking yn de Prinsetún yn Ljouwert. Yn tuskenlizzende jierren wurdt myn plak dêr waarnommen troch de loko-kommissaris. De oare leden fan it kolleezje fan Deputearre Steaten wenje ek elk op 4 maaie in betinking yn 'e provinsje by. .

**30 augustus Ynje betinking**

In oare jierlikse betinking is de Ynjobetinking op 30 augustus by it provinsjale monumint yn it Rengerspark yn Ljouwert. Dêr lei ik tegearre mei deputearre De Vries in krâns by it monumint 'De Deadewacht', in muorre mei de nammen fan 168 yn it eardere Nederlânsk-Ynje en Nij-Guinea sneuvele Fryske soldaten. Ien kear yn de fiif jier hâld ik dêr in taspraak.



14 – Iepeningshanneling ferboud Parkhotel Tjaarda, Oranjewâld

Iepening eksposysje Galerie Oosthem, Easthim

16

17 – Op wurkbesite mei NHL Stenden oan Koninklijk Instituut voor de Marine, Den Helder

▼ **Priisútriking Fryske Undernimming fan it Jier, Frjentsjer**

18

19 – Fiering 100-jierrich bestean Poiesz Supermarkten, Snits

25 – Fiering 140-jierrich bestean fuotbalferiening LAC Frisia, Ljouwert

26 – Wurkbesite Koninklijke Smilde, Easterwâlde

28 – Iepening ôfstudeartentoanstelling Kunstacademie Friesland, Ljouwert



Untfangst Kanadeeske feteraan – Jim Parks, Frjentsjer

5

9

&

10

**SJOCH ÚTLJOCHTE**  
Streekbesite Kening Willem-Alexander en Keninginne Máxima oan Waadeilannen

Wurkbesite by gûverneur Roemer fan de provinsje Limboarch, Maastricht

11

13

– Bywenje fuotbalwedstriid LAC Frisia, Ljouwert

16

– Startskot 75e Alvestêdekuiertocht, Ljouwert

Jubileumfiering hûndertjierrich bestean – Natuurmuseum Friesland, Ljouwert

17

– Untfangst boek Ingelske oersetting Aldfryske Wetsteksten Fryske Akademy, provinsjehûs

26

– Iepening Oranjewoud Festival, Oranjewâld

29

– Op besite by kleaster Westerhûs, Hilaard

30

– **Upstalbeambetinking (sprekke), Aurich (Dútslân)**



9

&

10

**UTLJOCHTE | Keninklike besite**

len fan de hichtepunten ferline jier wie de streekbesite fan kening Willem-Alexander en Keninginne Máxima oan de fiif Waadeilannen. De besite wie it resultaat fan in moaie gearwurking tusken de provinsjes Fryslân en Noard-Hollân, de eilângemeenten en harren bewenners. Twa bysûndere dagen mei weardefolle meetings en petearen. In unike besite; net earder gie it Keninklik Hûs yn twa dagen by twa provinsjes en fiif ferskillende gemeenten del.

De besite stie yn it ramt fan leefberens. De Waadeilannen telle mei-inoar 25.000 bewenners en mei 5 miljoen besikers yn it jier binne de isolearre ekonomyen foaral ôfhinklik fan toerisme. Underwiis, soarch en maatskiplike stipe wurdt sels organisearre, wat hege kosten mei him meibringt.

Wenje, libje, ûndernimme en berikberens foarmje spesifike fraachstikken. De eilânmienskippen binne hecht. Alle eilannen hawwe harren eigen identiteit mei eigen én mienskiplike útdagingen en dat yn in prachtich mar kwetsber gebiet dat sûnt 2009 op de Wrâlderfgoedlist fan UNESCO stiet.

**Teksel** | Yn histoarysk Museum Kaap Skil waard praat oer it maatskiplik belang fan ûndersyk en behâld fan de argeologyske fynsten yn it Waadgebiet. Yn skieppebuorkerij De Waddel wie in petear mei ûndernimmers oer klimaatadaptyf ûndernimmen. Ek waard praat mei jongerein en jongereinwurkers oer it libben op it eilân.

**Fylân** | Dêr gie it pear nei De Jutter, in skoalle foar learlingen fan 4 oant 18 jier, mar ek in berne-opfang, biblioteek en sintrum foar muzyk en jongereinwurk. As iennichste skoalle op it 1000 ynwenners tellende eilân stiet de skoalle foar útdagings. Yn wenbuert 'De Boswijk' wie in petear mei âlderein en minsken dy't harren libben lang op Fylân wenjen bliuwe kinne en net nei de fêste wâl hoege te ferhúzjen foar de goede soarch. Yn ferpleechhûs 'Zorgvilla de Ton' wenje sân bewenners en binne 36 selsstannige wenningen dêr't bewenners soarch krije kinne. It doarpshûs 'De Vliestroom' biedt plak oan deibesteging, in kapper, fysioterapeut, toskedokter en ferienings- en buertaktiviteiten. Mei de ûntbleating fan in betinkingsstien lieten de kening en keninginne in bliwend oantinken efter fan harren besite oan museum it Tromp's Huys. De gevel wurdt al sierd troch plakaten fan eardere keninginnen Wilhelmina, Juliana en Beatrix, dy't dêr ek ea in besite brochten. >



9 & 10 UTLJOCHTE | Keninklike besite (FERFOLCH)

> Op de fearboat nei Skylge waard it pear troch boargemasters Van de Pol (Skylge) en Schrier (Flylân), deputearren Loggen (Noard-Hollân) en Fokkens (Fryslân) en de kommissarissen fan de Kening bypraat oer spesifike eilanner útdagings lykas in tekoart oan wenromte, wêrtroch't it dreech is foar eigen jongerein om op it eilân in takomst op te bouwen.

**Skylge** | Op Skylge wie in moeting mei de frijwilligers fan de Koninklijke Nederlandse Reddingmaatschappij (KNRM) en waard in besite brocht oan Tryater. Yn de Tonnenloods waard in foarpriuwe jûn fan de Fryske foarstelling 'Sâlt', dy't in pear wike letter yn premjêre gean sil op Oerol. Tryater is ien fan de âldste teäterselskippen fan ús lân en fiert sa'n 270 foarstellingen yn it jier op, benammen yn it Frysk.

Yn it Maritiem Instituut Willem Barentsz krige it pear útlis oer de ferskate skipssimulatoaren fan it ynstitút. Dêrnei folge in petear mei learlingen en dosinten en in moeting mei it Omgevingsberaad Waddengebied.

**It Amelân** | Yn de wurkskurre fan Steatsboskbehear yn Nes folge in petear mei de sân natuerbeskermingsorganisaasjes en natuerbehearders op it eilân: Steatsboskbehear, Fryske Gea, Ryksweestersteat, De Vennoot, Wetterskip Fryslân en de gemeente It Amelân. By in lunch yn Hotel Nobel yn Ballum waard praat mei ûndernimmers yn de toeristyske sektor.

**Skiermûntseach** | Op Skiermûntseach moete it pear de sân boeren dy't op it eilân aktyf binne om te praten oer takomstbestindich ûndernimmen. Op de ambulânsepost folge in petear mei helpferlieners oer de sûnensoarch op it eilân. It pear wurdt op it kleaster hertlik ûntfongen troch de skiere muontsen, de nammejouwers fan it eilân, dy't nei 500 jier weromgien binne nei it eilân. De streekbesite waard ôfsletten mei in rûnlieding troch Spar Brunekreef, de iennige supermerk op it eilân.

Sjoch dizze link foar in wiidweidiger ympresje: [www.koninklijkhuis.nl/agenda/2023/05/09/streekbezoek-aan-de-waddeneilanden](http://www.koninklijkhuis.nl/agenda/2023/05/09/streekbezoek-aan-de-waddeneilanden)



Jiergearkomste Zeilvereniging – Oostergoo, Grou

Bywenje útrikking Sulveren Anjer – troch prinses Beatrix oan Frysk pear Van Riemsdijk fan Stiens, Keninklik Paleis Amsterdam

Wurkbesite oan Ruud Wiersmamuseum – en mûne De Zwaluw, Burdaard

JUNY

1 – Wurkbesite Plataanskoalle Ljouwert, Stichting Proloog, Ljouwert

3

8

– Wurkbesite Stichting Revalidatie Friesland, lokaasje Lyndenstein, Beetstersweach

– Untfangst ambassadeur fan Dútslân, provinsjehûs

9

11

– Besite oan Bonifatiusdei, Dokkum

13





15

– **SJOCH ÚTLJOCHE > p. 34**  
 – **Untfangst delegaasje Bonêre, Sint Eustatius en Saba, Ljouwert, Skiermûntseach**

16

– Iepening tentoanstelling Christoffel Bisschop yn Fries Museum, Ljouwert

20

– Sakediner Club Diplomatique Fryslân, Ljouwert

22

– Gearkomste mei provinsje Seelân en ferskate ministearjes oer gearwurking, Middelburg

– Kinderoncologisch Vakantiezeilkamp Zomerzothheid, De Feanhoop, fartocht Steatejacht

23

– Gearkomste Kring fan Fryske boargemasters, Tytsjerk

– Gearkomste Nederlânsk Genoatskip fan Boargemasters, Ljouwert

29

– Wurkbesite oan fleisfeehâlderij Natuerlik Klaiterp, Wiuwert



– Filmopnamen Alvestêdeparsekonferinsje – foar musical De Tocht, Ljouwert



JULY

1

– Friso Bokaal, sylwedstriid mei relaasjes provinsje mei SKS, Snitsermarr

5

– Iepening Frysk Jeugdparlemint (30e kear!), provinsjehûs

15

– Iepening Pluktún tegearre mei berneboargemaster gemeente Waadhoeke, Frjentsjer

17

22

– Ald-Meiers Partij, keatsen, Hitsum  
 – Hynstedagen Tytsjerksteradiel, Sumarreheide

25

– **Wurkbesite oan Skûtsjemuseum, Earnewâld**

– **Profonde Surhústerfean, Surhústerfean**

28

– PHynstedagen Driezum-Wâlterswâld



AUGUSTUS



◀ **PC, Frjentsjer** –  
Concours Hippique, –  
Bûtenpost

2

4

– IYn ûntfangst nimme boek Ihno Dragt, provinsjehûs

– **SJOCH ÚTLJOCHE**  
Iepening Snitswike mei útrikking Sneider Pan en floatskou mei Steatejacht

5

Iepening SKS-Skûtsjesilen, –  
Grou, Steatejacht, mei minister fan Sport frou Helder

9

– Freule Keatspartij, Wommels

15

Betinking yn Blauhús en Maria-Tenhemelopneming in Greonterp, 100e bertejier fan skriuwer Gerard van het Reve

18

– Priisútrikking slotdei SKS, Starteilân Snitsermar



19

Priisútrikking Fryske kampioenskippen – Fierljeppen, Winsum

30

– GGastkolleezje oan nije studinten Thorbecke Akademy NHL Stenden Hogeschool, stúdzjegenoatskip Trias Politika, Bant



– **SJOCH ÚTLJOCHE** > p.27  
Betinking provinsjaal Ynjemonumint, Ljouwert



4 **UTLJOCHE | Steatejacht**

Steatejacht Friso is al 70 jier it farrende boechbyld fan de provinsje. Friso, neamd nei de stamheit fan de Friezen, de legindaryske kening Friso, is ien fan de bekendste platboaiemjachten fan ús lân. It Steatejacht wurdt ynset foar represintative doelen fan it provinsjebestjoer.

It Steatejacht wurdt geregeld op lokaasje ynset allinnich foar ûntfangsten of om te pronk te lizzen. Tink oan de floatskou by de Snitser Wetterpoarte yn de Snitswike of by de Admiraliteitsdagen yn Dokkum. Ik haw fan 't jier 43 tochten meitsje mochten mei Friso.

De kommissaris en de deputearren ûntfange yn de simmer relaasjes op it skip om saken te dwaan en om netwurken te ûnderhâlden. Gasten wiene bygelyks ministers en steatssekretarissen, ambassadeurs en fertsjintwurdigers fan Fryske organisaasjes en ferienings.

Mear witte oer it Steatejacht:  
[www.fryslan.fr/statenjachtfriso](http://www.fryslan.fr/statenjachtfriso)





SEPTIMBER

▲ **Wurkbesite by boerebedriuw Eggenkamp mei kolleezje fan DS, Easterwâlde**

Symposium Solidêr mei flechtlingen (fideoboadskip)

Fyftichjierrich jubileum Inmarsat Solutions, Boerum

◀ **Prinsjesdag Den Haach mei Noard Nederlân, Den Haach**



Yn ûntfangst nimme boek 'Friesland mijn Liefde' fan Oeds Westerhof, provinsjehûs

2 – Nasjonale kampioenskippen fierljeppen, Drylts

5

10 – **Besite oan Admiraliteitsdagen mei Steatejacht, Dokkum**



15

16

19

22

26

28

29

– Weriepening restaurearre histoaryske skipswerf Zwolsman, Warkum

– Frysk sûpke (netwurkbuorrel mei Fryske en Haachske bestjoerders en amtners mei hert foar Fryslân), Den Haach

– **SJOCH ÚTLJOCHTE**  
Iepening lanlike eksposysje Stilstaan bij Corona, provinsjehûs Den Bosch

29 **UTLJOCHTE | Stilstaan bij Corona**

Op 29 septimber iepene Kening Willem-Alexander yn it provinsjehûs yn Den Bosch de lanlike eksposysje oer de koroanatiid. De eksposysje is organisearre troch Het Nationaal Comité Stilstaan bij Corona, dêr't ik sûnt de oprjochting yn 2022 foarsitter fan bin.

It komitee jout yn opdracht fan steatssekretaris Van Ooijen fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport ynfolling oan in nasjonaal stilstean by wat de koroanakrisis foar ús lân betsjutte. It komitee bestiet út tolve leden mei saak-kundigens út alle dielen fan de maatskippij.

De eksposysje bestiet út goed 40 bysûndere persoanlike ferhalen oer de ympakt fan de koroanatiid. De iepening waard streekrjocht troch de NOS útstjoerd. De tentoanstelling makket in rûngong lâns de provinsjehuzen yn Den Bosch, Arnhem en Den Haach.

Yn maart 2024 komt de eksposysje nei it provinsjehûs yn Ljouwert en is dan foar it publyk fergees tagonklik. De eksposysje wurdt dan oanfolle mei twa Fryske ferhalen.

Myn besite oan de BES eilannen yn novimber stie ek foar in part yn it teken fan myn wurksumheden út namme fan it Comité Stilstaan bij Corona.

Meer weten? Sjoch ek [www.stilstaanbijcorona.nl/](http://www.stilstaanbijcorona.nl/)  
Hjir is ek de iepening fan de eksposysje werom te sjen.



Wolle jo de Kommissaris útnûgje dan kin dat via dizze link link: [www.fryslan.frl/representatie](http://www.fryslan.frl/representatie)



## OKTOBER



1 – Premjêre musical *De Tocht*, Ljouwert

Jierkongres Inter Provinciaal Overleg –  
(IPO), Den Haach

3

5

– Lanlik kongres fan it Nederlands  
Genootschap van Burgemeesters  
(sprekke), Zwolle

Yn ûntfangst nimme Frisian –  
Horsekalender, Frjentsjer

7

9

– European Week of Regions and Cities,  
Brussel

Fryske Bestjoerdersdei, Wolvegea –

12

13

– Aytalêzing oer kultureel erfgoed  
(sprekke), tsjerkje Swichum

## NOVIMBER

Yn ûntfangst nimme earste eksimplaar –  
poëzijbondel H.H. Ter Balkt – Abe  
de Vries, Snits

3

– Ynstallaasje nije kommissaris fan de  
Kening provinsje Flevolân, A. (Arjen)  
Gerritsen, Lelystêd

7

9

– Op wurkbesite by ambassadeur Panama,  
Den Haach

11

**SJOCH ÚTLJOCHTE** –  
Utrikking Fryske Anjer en Talintpriis  
Kultuerfûns Fryslân, Ljouwert

11

**UTLJOCHTE | Kultuerfûns**

It foarsitterskip fan it Cultuurfonds Fryslân,  
foarhinne it Prins Bernhard Cultuur Fonds, fyn  
ik ien fan de aardichste taken. It fûns bringt  
minsken, wrâlden en ideeën byinoar om  
kultuer en natuer libje te litten.

Yn 2023 hat it Cultuurfonds Fryslân 647.224  
euro takend oan 144 projekten. Dêrneist is  
nochrisk 277.235 euro beskikber steld foar de  
oanskaf fan ynstruminten en klean foar  
muzykferienings.

It fûns earet alle jierren in persoan, feriening of  
ynstelling dy't him op bysûndere wize ynset  
foar de Fryske kultuer mei De Friese Anjer. Dy  
ûnderskieding rikte ik op 10 novimber út oan  
skriuwer / sjoernalist Hylke Speerstra.

Speerstra is ien fan de grutste literêre talinten  
fan Fryslân en fan grutte betsjutting foar de  
Fryske literatuer. Hy hat de Fryske taal en Fryske  
tema's fia syn boeken foar in grut publyk

tagonklik makke. Speerstra is bekend  
fan de bestsellers as *De Oerpolder*, *Op  
Klomp*en troch de *Dessa* en resintlik *It  
Testamint fan de siel*. De priis bestiet út in  
spjelde, in oarkonde en in bedrach fan 5.000  
euro. De spjelde is makke troch ûntwerper en  
edelsmid Theo van Halsema.

De Talintpriis gie nei Anne Goaitske Breteler. Dy  
priis bestiet út in jildbedrach fan 1.500 euro en  
in oarkonde. Breteler is kultureel antropologe,  
in kreative tûzenpoat en beloftefol skriuwer en  
publisist. De Talintpriis is bedoeld as stimulâns  
en keppele oan de Fryske Anjer en waard yn  
gearwurking mei Hylke Speerstra takend.

Mear witte oer it Kultuerfûns Fryslân, wolle  
jo subsydze oanfrege of it fûns stypje?  
[www.cultuurfonds.nl/provinciale-afdelingen/friesland](http://www.cultuurfonds.nl/provinciale-afdelingen/friesland)



12

t/m

19

**SJOCH ÚTLJOCHTE**

Besite oan St. Maarten, St. Eustatius en Saba, fiering Statia Day

21

Boekpresintaasje bondel Fryslân in – literêre reis troch de tiid, Ljouwert

23

Skoudiner Wetterskip, Ljouwert –

28

Bûtengewoane Algemiene – Iedegearkomste Feriening Fryske Gemeenten (VFG), Snits

29

BBoekpresintaasje jubileumfiering – Molenstichting Súdwest Fryslân, Warkum

30

**SJOCH ÚTLJOCHTE** – Rede fan Fryslân, provinsjehûs Ljouwert



12

t/m

19

**UTLJOCHTE | Besite BES-Eilannen**

It ôfrûne jier haw ik ynvestearre yn diplomatike kontakten mei de oerseeske gebietsdielen fan ús Keninkryk, Bonêre, St. Eustatius en Saba. De BES-Eilannen hawwe in soad mienskiplik mei ús eilannen en se kinne fan elkoar leare op it mêd fan ekonomy, berikberens, ûnderwiis, soarch en wenjen.

Yn juny brocht in delegaasje fan de BES-Eilannen in besite oan Fryslân, yn novimber folge in tsjinbesite op offisjele útnûging fan de regearingskommissaris, ûnder oare om Statia Day te fieren. De besite stie ek yn it teken fan myn rol as foarsitter fan it lanlike Stilstaan bij Corona Comité. Koroana hat ek grutte ympakt hân op de oerseeske eilânmienskippen. Oan de besite oan Fryslân namen gesachhawwers, eilân-deputearren en -riedsleden fan Bonêre, St. Eustatius en Saba diel.

Oansletten wiene fertsjintwurdigers fan it gearwurkingsferbân Waadeilannen, de ministearjes Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, Ekonomyske Saken, Ynfrastruktuer en Wettersteat en de provinsjes Fryslân en Noard-Hollân. It tal dielnimmers kaam dêrmei op sa'n 50 persoanen.

Op Skiermûntseach waarden ferskate ynstellings en inisjativen besocht. Der waard praat oer de berikberens, duorsumens, klimaat en dûnfersterking. Op de brânwachtkazerne en de ambulânsepost waard praat oer iepenbiere oarder en feiligens en krisisbehearsking. Dêrneist waard der mei lokale ûndernimmers praat oer leefberens, toerisme, wenjen en wurkjen op it eilân.

Op it Provinsjehûs folge in petear yn 'e mande mei myn kollega-kommissaris Van Dijk fan Noard-Hollân en deputearren Poepjes en Fokkens oer de rol fan provinsjes as middenbestjoer en it provinsjaal belied oer de Waadeilannen. De Regio Deal, klimaat, duorsumens, taalbelied en spesifyk de oerienkomsten tusken it Frysk en it Papiamintsk waarden ek behannele.

De tsjinbesite yn novimber oan de eilannen St. Maarten, St. Eustatius en Saba bestie út meetings, bygelyks mei Friezen om utens. It wie moai om de fiering fan Statia Day mei te meitsjen, de offisjele feestdei ta gelegenheid fan it feit dat St. Eustatius yn 1776 as earste de ûnôfhinklikheid fan de Feriene Steaten fan Amearika erkende.

St. Eustatius en Fryslân hawwe in bân wat de erkenning fan de ûnôfhinklikheid fan de Feriene Steaten oanbelanget. Provinsjale Steaten erkenden nammentlik as twadde de ûnôfhinklikheid fan de Feriene Steaten.

Mei de regearingskommissaris fan St. Eustatius en it ministearje fan Ynlânske Saken wurdt ûndersocht oft yn de takomst mienskiplik ynfolling oan de fiering jûn wurde kin. Dêroer is kontakt mei de ambassade fan de Feriene Steaten. Yn 2024 komme de BES-eilannen nei alle gedachten op 'e nij op besite yn Fryslân.



30

**UTLJOCHTE | Rede fan Fryslan**

Op 28 novimber wie yn de Steateseal de Rede fan Fryslân. Op útnûging fan my jout in prominint persoan fan bûten de provinsje syn fyzje oer de takomst fan Fryslân. Fan 't jier wie Frans Weekers te gast, sekretaris-generaal fan de Benelúks-Uny. Hy gie yn op de relaasje fan Fryslân mei Europa en de Benelúks.

Fryslân hat in soad te bieden en soe noch mear profitearje kinne fan ynternasjonale gearwurking as it syn beskiedenheid wat mear fan him ôf smite soe, wie Weekers boadskip.

It gehoar yn de Steateseal bestie út bestjoerders en politisy út Den Haach en Fryslân, fertsjintwurdigers fan maatskiplike organisaasjes,

kennisynstellings en sektoaren en studinten. De Rede is ek altyd te folgjen fia in livestream op de webside fan de provinsje.

De muzikale bydrage waard fersoarge troch de winner fan it prinses Christina Concours, de 13-jierrige trombonist Jisse Kuipers fan Hurdegaryp. Hy spile de stjerren fan 'e himel en krige in steande ovaasje.



**DESIMBER**

1

– Iepening ynternasjonaal symposium soarchprojekt Revalidatie Friesland, Beetstersweach

6

Wurkbesite oan Stichting Film in Friesland (Frysk Filmargyf), Ljouwert

7

– Op wurkbesite by ambassadeur Kameroen, Den Haach

12

– SStreekbesite oan de regio Noardeast-Fryslân mei it kolleezje fan Deputearre Steaten

13

– Fiering UNESCO Wrâlderfgoedstatus Eise Eisinga Planetarium, Frjentsjer ▲



15

– Wurkbesite oan helpinisjatyf Friese Rijders foar Oekraïne en Oekraynske flechtlingen, Haulerwyk

18

– Yn ûntfangst nimme earste Bachbibel, Frjentsjer ▲



29

– Yn ûntfangst nimme sammele kollums fan LC-sjoernalist Asing Walthaus, Ljouwert



– Utrikking Alvestêdebrevetten, Ljouwert





## 10 | Yn de media

De kommissaris is geregeld yn it nijs en is ynterviewd oer útinoar rinnende aktuele saken. Dat bart ûnder oare nei ôfrin fan it wyklikse parsekonferinsje fan it kolleezje fan Deputearre Steaten.

> Meastentiids giet it om regionale media, lykas Omrop Fryslân Radio en TV, de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad. Mar ek lanlike media en fakblêden nimme kontakt op.

It ôfrûne jier joech ik oer ûnderskate ûnderwerpen ynterviews oan û.o. it ANP, Trouw, NRC, AD, Telegraaf, Volkskrant, Reformatorisch Dagblad, Omroep Max Magazine, RTL 4 Nieuws, NPO Radio1 '1 op 1', Omroep Max Skûtsjejournaal, KRO-NCRV NPO 1, NPO Klassiek (it eardere Radio 4), en talkshow Op 1 op NPO1.



# Njonkenfunksjes

Alle kommissarissen fan de Kening hawwe njonkenfunksjes. Guon hearre by it amt lykas it foarsitterskip fan it Cultuurfonds Fryslân en somtiden giet it om in eigen kar. Ut prinsipe akseptearje ik gjin fergoedings foar njonkenfunksjes.

## Njonkenfunksjes ferbûn oan it amt

- Foarsitter Cultuurfonds Fryslân: 2017 - oant no ta
- Foarsitter Stichting Simulatortraining Nautisch Onderwijs: 2017 - oant no ta
- Foarsitter Stichting Bouwcultuurfonds: 2017 - oant no ta
- Lid fan it bestjoer fan de Stichting tot Onderhoud van de Stadhoudelijke Grafruimte in de Grote Kerk te Leeuwarden: 2017 - oant no ta

## Bestjoerlike njonkenfunksjes (saaklik)

- Foarsitter Permanente Scoutingscommissie VVD: 2021 - oant no ta
- Foarsitter Omgevingsberaad Waddengebied en vicefoarsitter BOW: 2018 - oant no ta
- Foarsitter Landelijk Comité Stilstaan bij Corona: 2022 - oant no ta
- Foarsitter Genootschap Onze Taal: 2020 - oant no ta
- Foarsitter Raad van Inspiratie Fries Leesoffensief 2023 - oant no ta
- Lid Fryske Akademy: 2005 - oant no ta
- Lid komitee fan oanbefelling Prof. Feitsma Fûns: 2009 - oant no ta
- Beskermhear Club Diplomatieque Fryslân: 2017 – oant no ta
- Provisor (tafersjochhâlder) fan it Sint Christophorileen tot Oldehove: 2023 – oant no ta.

## Privee njonkenfunksjes

- Foarsitter kommisje Investituur van de Ridderorde van het Heilig Graf van Jeruzalem: 2020 - oant no ta




## Yn 2023 beëinige njonkenfunksjes

- Lid Stichting Prinsjesdagontbijt: 2015 - 2023
- Lid komitee fan oanbefelling Stichting Heiligverklaring Titus Brandsma: 2020 - 2023

Foarôfgeand oan it akseptearjen fan nije njonkenfunksjes freegje ik tastimming fan it presidium fan Provinsjale Steaten (de gearkomste fan fraksjefoarsitters fan Provinsjale Staten) en it kolleezje fan Deputearre Steaten. By guon saaklike njonkenfunksjes wurdt gebrûk makke fan de tsjinstauto, by foarkar yn kombinaasje mei oan de haadfunksjes relatearre ôfspraken.

# Ynformaasje & Sosjale Media

## Folgje de kommissaris ek op social media

-  @cdkfryslân
-  @cdkfryslân
-  Commissaris van de Koning Arno Brok

[www.fryslan.frl/commissaris-van-de-koning](http://www.fryslan.frl/commissaris-van-de-koning)

[www.fryslan.frl/representatie](http://www.fryslan.frl/representatie)

[www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl)

## Tagonklikens:

Wy binne ús derfan bewust dat dit jierferslach mar foar in part brûkber is foar minsken mei in funksjebeheining.

Dit dokumint hat as doel om de mienskip te ynformearjen oer de aktiviteiten fan de kommissaris fan de Kening yn 2023. Foar in website mei dit doel tinke wy dat wy in goede balâns makke hawwe tusken it oanbieden fan rike ynformaasje oan 'e iene kant en digitale tagonklikens oan 'e oare kant

Fiele jo jo dochs beheind yn it gebrûk, nim dan kontakt op en tink mei ús mei oer hoe 't it better kin.

## Kolofon

It jierferslach fan de kommissaris fan de Kening is in útjêfte fan de provinsje Fryslân.

Postbus 20120, 8900 HM, Ljouwert

## Tekst en gearstalling

Provinsje Fryslân, Gerrit Hofstra, wurdfierder fan kommissaris fan de Kening Arno Brok

## Foto's:

Foarside: Romy Dam

Side 3, 35: Jaap Schaap, Fotobureau Hooge Noorden

Side 4: ministearje fan Ynlânske Saken

Side 9: Harrie Dijkstra, heide Appelskea

Side 15: Jaco van Essen, Fotobureau Hooge Noorden

Side 16: Piet Douma, foto nije kolleezje

Side 17, 32: Phil Nijhuis, Comité Stilstaan bij Corona

Side 29: Loek Butter

Oare foto's:

provinsje Fryslân, Shutterstock, Annelies Ruesink

## Foarmjouwing en Tagonklikens

Provinsje Fryslân: Annelies Ruesink | Henrike Luxwolda

De provinsje hat besocht rjochthawwenden fan foto's te efterheljen. Mochten jo lykwols foto's tsjinkomme, dêr 't jo rjochthawwende fan binne en jo hawwe gjin tastimming jûn foar de publikaasje fan in foto derfan, nimme jo dan kontakt op mei de provinsje Fryslân.